

Jan Rap op 'e Tynje rekket it gefoel

Plak: De Tynje, seal Overwijk. **Selskip:** Rjucht en Sljucht, de Tynje. **Foarstelling:** Jan Rap en syn maat. **Skriuwster:** Yvonne Keuls. **Oersetting:** Janny van der Veen. **Regy:** Jitske Bouma. **Belangstelling:** in 100 minsken. **Noch te sjen:** moarntejûn (fierhinne útferkocht).

DE TYNJE - In stik oer in opfanghûs foar jongelju dy't yn de shit sitte, dat kin net sûnder 'taalgebrûk der't je soms fan skrikke'. Foarsitter Aly Hof fan toanielferiening Rjucht en Sljucht warskôge it publyk mar fêst, en om dy wurden te ûnderstreekjen batste fyftjinjierrige Roselien Altena yn har rol fan Gemma der fuort yn mei in pear tongerklappen fan flokwurden.

In grutte bek en in lyts hertsje fansels, lykas de measte jongelju yn it tehûs dat Yvonne Keuls tritich jier lyn skildere yn 'Jan Rap en z'n maat'. Snein, as de skriuwster 75 wurdt, is de lalike premiêre fan in opfriste ferzy, dêr't in 'sterrencast' mei troch it lân reizget. Foarearst komme dizze stjerren lykwols net tichterby as Swol en Emmen, dat sa besjoen is it moai dat Rjucht en Sljucht de ferfrysing fan Janny van der Veen op 'e Tynje oer it fuotljocht bringt.

Mar dochs: in tritich jier âld stik. Ut en troch leit it jierrensantich-gefoel der aardich tsjok oerhinne. Bygelyks yn it frijwat helpeleas oandwaande idealisme fan de helperlieners en yn de oanfarrings tusken tusken burokrasy en demokratisearring. Oan de oare kant is it ge-

geven fan jongelju dy't yn de problemen sitte, troch misbrûk of mishanneling of it missen fan in feilige thûsbasis, der net minder aktueel op wurden. Dat jildt like goed foar de helperliening dy't der bytiden mei oan is.

Yn fjirtjin sênes drave acht beskeadige jonges en fammen yn en út, elk mei in gebrûksoanwizing. De trije stêfkrachten ha der de hannen mear as fol oan, ferjitte de iene as se de oare opfangen en ha it ûnder mekoar al dreech genôch. En dan is der noch putsjeman Klaas (Eabe Wouda), dy't konsinje krijt him ta it ferfangen fan fernielde ruten te beheinen, mar yntusken as 'ervaringsdeskundige' fan ûnskatbere wearde is.

Yn alle breklikens foarmje dizze op elkoar oanwiisde minsken in mienskip, wêryn't it hieltyd mear de fraach is wa't no eins wa helpt. Hoe't se ek skelle, fjochtsje en grine, der ûntstiet hjir en dêr in gefoel fan 'der foar elkoar wêzen', hielendal as it opfangplak fan bûten bedrige wurdt. As de plysje foar de doar stiet, is dat suver in mienskiplike fijân.

De toanielferiening fan De Tynje is al mear as 130 jier âld en bringt in stik fan 30 jier lyn, mar docht dat mei in spilersploech dy't behoarlik fernijd en ferjonge is. Op himsels is dat al moai om te sjen. Dat de tekstbehearsking noch net oeral perfekt is en dat guon passaazjes wat te folle op inoar lykje, wolle je as taskôger wol oersljochtsje, want de spilers doarre hiel wat sjen te litten. Se witte boppedat mear as ien kear it gefoel echt te reitsjen. En as dy brok yn de kiel der is, dan binne je op syn minst op de goede wei.

"Rjucht en Sljucht" De Tynje

spilet tongersdei 14 desimber 2006 (try-out)

en sneon 16 desimber 2006

yn seal "Overwijk" op 'e Tynje de jûns om 20.00 oere it stik

Jan Rap en syn maat

In toanielstik yn 14 scenes

Fan Yvonne Keuls, oerset troch Janny van der Veen

Persoanen:

| | | | |
|-------------|--------|---|--------------------------|
| Putsjeman: | Klaas | : | Eabe Wouda |
| Stêfleden : | Elly | : | Anja Hiemstra |
| | Tymen | : | Henk Bosma |
| | Koen | : | Johannes van der Iest |
| Kliënten : | Gemma | : | Roselien Altena |
| | Leny | : | Annie Stornebrink |
| | Aly | : | Gerda van der Veer-Dam |
| | Charry | : | Jeen Wouda |
| | Louis | : | Elmer Radboud de Leeuw |
| | Kaye | : | Klaas-Jan van der Krieke |
| | Durk | : | Arjen van der Krieke |
| | Edze | : | Gerbert Akkerman |

| | | |
|-----------------------|---|--------------------|
| Rezjy | : | Jitske Bouma |
| Ynstekster/rezjy ass. | : | Reina Gerlofsma |
| Ljocht en lûd | : | Doede van der Veer |
| Grime | : | De grimeploech |
| Dekorbou | : | De bouploech |

It stik spilet yn in tehús foar jongerein. It slagget net eltsenien yn dizze tiid om op it rjochte paad te bliuwen.. Dan moatte der minsken wêze dy't der foar je binne. Yn 14 scenes litte we jim, mei earnst en humor, in jier út it libben fan kliënten en helpferleners sjen.

"Disco Lytse Man"

Tinke jo om jo stiperskaart!!!

Tagongspriis foar net stipers € 8,-

Generale:

Woansdei 13 desimber de jûns om 19.30

Frije tagong foar stipers en jongerein oant 18 jier.

Tagongspriis foar net stipers en jongerein
fan 18 jier en âlder € 5,-

Woansdei 6 desimber kinne leden en stipers
harren kaarten ôfhelje tusken 19.00 en 21.00oere yn
Kafee restaurant Overwijk

Tongersdei 7 desimber kin eltsenien kaarten
keapje tusken 19.00 en 21.00 oere yn
Kafee restaurant Overwijk.

Sneon 9 desimber komme wy by jo lans mei de
kryststjerren.

*Het is tijd
voor een goede buur.*

Als bank heb je je maatschappelijke verantwoordelijkheden. Niet alleen nationaal, ook lokaal. Een prettige samenleving begint nou eenmaal bij u in de straat, om de hoek, in de wijk. Daarom sponsort de Rabobank ook plaatselijke projecten en initiatieven. En dat doen we graag. Het is tenslotte ook onze buurt.

Rabobank Gorredijk-Haulerwijk

Dichtstbijzijnde vestiging:
R. van Damwei 1, 8406 EJ Tijnje

www.rabobank.nl



Rabobank

Het is tijd voor de Rabobank.



Jan Rap en syn maat

Ontstelt
Vitmars
Ontu
cht van C
isjes in W

... kader van een opvoeding
g. Het gastouderbureau Zuid-
si Friesland had de zorg voor
ei toevorstroeven en de erbij
zote van de verachte
we, die daarvoor
idling ontving
denking.

de ont-
gen gebo-
I zeggen. I
de omzich-
gastouderbe-
r te Zwart-
i. Duiders van d
drens trakties en

... title had de Witmar
der in het veld, zo

Veel meer
jeugd zonder
eigen thuis

Een op tien kerkgange
slachtoffer van misbruik